



PAKE IS NET TE BETELJEN

(Graf Poldi's letzter Coup)

Klucht yn trije bedriuwen

troch

ERICH KOCH

Fryske oersetting

Geert Hager

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **PAKE IS NET TE BETELJEN – GRAF POLDI'S LETZTER COUP** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ERICH KOCH** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2007 © by Wilfried Reinehr Verlag

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Wytse - pensjonhâlder en net fan doel om sûnder wat te dwaan oan de kante te stean wylst syn frou falt foar de sjarmes fan ien fan de gasten.

Gryt - syn frou; sy fielt har yn alles troch har man te koart dien. Sy is dan ek in makkelijke proai foar mannen dy der op út binne.

Jetse - de soan, net de minste, gjin wrotter, mar hat wol each foar moaie froulju.

Pake - net sa goed mear by de tiid, knoffelich, kinst einliks neat mei, seker gjin reklame foar it kosthûs.

Kees - buorman en freon fan Wytse, by it útdielen fan it ferstân stie hy efteroan yn de rige.

Hillie - de frou fan Kees; fielt har ek troch har man te koart dien; goeie freondinne fan Gryt en falt krektlike makkelijk foar de sjarmes fan ien fan de gasten.

Felix - in gast yn it kosthûs; docht himsels foar as baron; fan berop houliksoplichter; hy makket mei syn moaie wurden eltse frou oerstjoer.

Betty - wurket yn de "Reade Lantearne", har freonen neame har "Poeske"; net in min fanke.

DEKOR:

It stik spilet yn in pensjon, dat wol sizze yn de moetingssromte foar de gasten. It dekor kin it hiele stik itselde bliuwe. Fan út de seal sjoen links in doar nei de húskeamer fan de famylje Wytsma. Rjochts in doar nei de keamers fan de gasten. Yn de efterkant sit links in doar nei de keuken en de rookkeamer en rjochts in doar nei bûten. De ynrjochting fan de keamer: der moat seker in tafel mei stuollen stean en in bank wêr't in folwoeksen persoan makkelijk op lizze kin. Fierder mei it nei eigen goedtinken oanklaaid wurde.

1E BEDRIUW

Wytse: *(sit oan it moarnsiten, is klaaid as moat hy fuort, wol wat ûnfersoarge en ropt)* Gryt, wêr bliuwt de kofje?

Gryt: *(komt út de keuken mei in kanne kofje)* Ja, ja ik kom al. It is gjin oannaam wurk. *(jit de kofje yn)* En, hat menhear fierder noch winsken *(gek oan stekkerich)* Ik ha hjir oars ommers dochs neat te dwaan.

Wytse: Kinst myn koffer wol efkes ophelje, ik ha him al ynpakt. *(drinkt syn kofje)* Auwau, wolst my kremeare as sa?

Gryt: Wytse, kofje moat hjit wêze.

Wytse: Drinkber hjit ja, mar net om de blierren fan op de tonge te krijen.

Gryt: *(yn harsels)* Wyn dy net op, wyn dy net op.

Wytse: *(stikelich)* Wat preuvelst dêr om? *(blaast yn syn kofje)*

Gryt: Ik preuvelje net. *(wer yn harsels)* Wyn dy net op.

Wytse: Hoesa wyn, komt der oar waar as sa? Krigest migraine? *(blaast fierder)*

Gryt: *(lilk)* Ik lit my troch it waar gjin migraine foarskriuwe. *(wer yn harsels)* Wyn dy net op, wyn dy net op.

Wytse: Minske praat wat dúdliker. *(blaast fierder)*

Gryt: *(lûd)* Do begjinst my sa stadichoan op te wienen!

Wytse: Ikke? Allinne mar omdat ik sei dat de kofje te hjit is?

Gryt: *(lûd)* De kofje is net te hjit.

Wytse: *(drinkt)* Yndie, no is der kâld.

Gryt: Hjoed as moarn krij ik hjir noch ris in hertoanfâl. *(yn harsels)* Ik wyn my net op. Ik lit my net gek meitsje, réstich bliuwe, réstich bliuwe.

Pake: *(komt links op, nachtklean oan, sliepmûtse op, mar sûnder bril)* Gryt, hasto myn bril ek sjoen?

Gryt: *(sjocht omheech)* O nee heit, net wer. Wêr hast dat ding no wer dél lein?

Pake: Ik bin der wis fan dat ik him op myn nachtkastke lein ha. Ik doch him eltse nacht ôf, want oars ferslute de glêzen sa gau.

Wytse: Dat seist juster ek, mar doe ha wy him yn de kuolkast fûn, tusken de hynsteljirre.

Pake: Dat sil dy smoarge jonge fan jim wol dien ha, wer ien fan syn grapkes.

Gryt: Heit, as der ien neat fan dwaan hat mei it ferdwinen fan dyn bril, dan is it ús Jetse.

Pake: Aha, en wêr is hy dan?

Wytse: Hast al yn de kuolkast sjoen?

Pake: Ja, en ek al ûnder it bêd en yn de fûgelkouwe.

Wytse: Yn de fûgelkouwe?

Pake: Fansels. It doarke stiet ommers altyd iepen. Jimme litte de parkyt

altyd los omflean.

Gryt: Wy kinne heit mar better syn bril mei in toutsje om de nekke hingje. Man do bist dat ding minstens trije kear yn de wike kwyt.

Pake: Jim tinke dat jim alles mei in âld man dwaan kinne, mar sa is it net.

Jetse: (*komt links op, yn syn himd en ûnderbroek, it hier wyld*) Wat is hjir oan de hân? Kinne jim net in bytsje rekken hâlde mei minsken dy de hiele nacht feest..... eh, de hiele nacht wurke ha?

Wytse: (*gekoanstekkerich en wat lûder*) Nee mar, ús soan. Alwer de hiele nacht trochsak..... eh..... trochwurke?

Jetse: (*hân oan de holle*) Praat net sa lûd, ik sit noch yn de bykomfase. Myn harses wit noch net dat ik al út bêd bin.

Gryt: Asto mar wist dat dyn bykomfase hjoed mar hiel koart is. Do moast my hjir hjoed helpe.

Jetse: (*ferbouwerearre*) Ja ho efkes, wat hat dit te betsjutten? (*doelt op Wytse*) En hoe is myn ferwekker dan fan doel om dizze dei oan mekoar te breidzjen?

Wytse: No, dy wie krekt fan doel om in amer wetter te heljen om dy by te waskjen.

Gryt: Dyn heit moat alhiel ûnferwacht nei de ien as oare frjemde training. Krekt op it momint as ik it smoardrok ha, nimt menhear it der fan.

Pake: Mar ik kin dy wol helpe Gryt, ik kin...

Wytse: (*ûnderbrekt him*) It ienichste watsto kinst, is dyn bril net fine. As sâlt yn de sûkerpôt dwaan, as de gasten rauwe aaien foarsette.....

Pake: Wêr makkest dy drok om, dat kin eltsenien wol ris oer komme.

Jetse: Jim fjochtsje it mar út, ik jou my noch efkes dé. O eh pake, ik ha dyn bril yn de rookkeamer lizzen sjoen. Tusken de woarsten. (*giet links ôf*)

Wytse: (*tsjin pake*) Sis, hoe komt dyn bril yn de rookkeamer?

Pake: Miskien ha ik fannacht honger krigen en bin doe yn myn sliep.....as miskien is myn bril allinne foarút gien. (*giet nei de rookkeamer*) Yn dit hûs krijt men ommers ek nea sêd iten.

Wytse: No wit ik ek wêrom dy woarsten hieltyd lytser wurde. En ik mar tinke dat it ien fan de gasten wie. Sadree ik werom bin, set ik fuort in slot op de doar.

Gryt: Acht dagen giest fuort en dat midden yn de drokste tiid. Is dat wol sa nedich.

Wytse: Ja, it "is" nedich. En dat bytsje wurk, dêr rêdsto wol mei. Miskien wol de baron dy wol helpe.

Gryt: (*ferbaasd*) De baron? Wêrom soe hy?

Wytse: Wêrom? As tinksto dat ik net sjoen ha hoesto mei him om stiest

te flikfloaien.

Gryt: *(lilk)* Hoe komst dêrby? Ikke?

Wytse: Ja do!!! Hâldt dy mar net fan de domme. Ik freegje my sa wie sa ôf wat sa'n fint yn in lyts pensjon as dat fan ús docht.

Gryt: Hy is hielendal wei fan de omkriten en de prachtige natoer.

Wytse: *(sarkastysk)* Ja en dêr rin ik yn om as in healewize bolle.

Gryt: Hoe bedoelst dat no? *(beide sjogge se nei pake, hy komt út de rookkeamer en is drok dwaande om in pear woarsten fan syn bril te heljen. De toukes sitte fertyske om de stankjes fan de bril. Hy giet links ôf)*

Felix: *(komt fan rjochts, hat in sierlike moarnsjas oan en hat in roas yn syn hân)* Frou Wytsma, ik winskje jo in prachtige moarn, dizze moarn.! Jo sjogge der hjoed wer strielend út. *(pakt har hân en jout der in tút op)*

Wytse: *(stiet op in ôfstân, seit yn himsels)* Sjerpslikker.

Gryt: *(bluisterich)* Moarn, baron Felix. Jo binne betiid fan e moarn.

Felix: Ik koe hast net wachtsje om wer fan jo oanwêzigens te genietsjen. *(jout har de roas)* As jo my ta steane.

Wytse: *(yn himsels)* Neffens my hat dy fint snúft. Dy sit oan de drugs.

Gryt: *(strielt)* Och, dat hie net hoecht.

Felix: In roas foar de moaiste blom fan dit hûs.

Wytse: *(yn himsels)* Ik kin dy fint wol op de bek slaan.

Felix: Wat bedoele jo, menhear Wytsma?

Wytse: Ik sei: jo tusken dogge my tinken oan dy reklame fan toskepoetsersguod.

Felix: Ik hechtsje in protte wearde oan in fersoarge úterlik. Froulju binne net sa wei fan manlju dy it op dat mêd net sa nau nimme. *(sjocht Gryt djip yn de eagen)* Is it net sa frou Wytsma?

Gryt: Jo witte wat froulju wolle, menhear de baron.

Felix: *(sjocht skeef nei Wytse)* Ûnfersoarge mannen binne in mislediging foar froulju yn it algemien.

Wytse: *(yn himsels)* Dy moaiprater kriget aanstons in amer jarre oer him hinne. Dat rûkt fêst better dan dat spuitbus geurke fan himsels.

Gryt: Ja, jo ha hielendal gelyk menhear de baron. Ik freegje mei ôf, binne jo ek trout?

Wytse: *(yn himsels)* Wedzje fan net, oars hat net fan dy moaie praatsjes.

Felix: Spitich genôch net. Witte jo, ik bin altyd tige foarsichtich mei frouwen. Meastens binne se allinnich mar ynteressearre yn myn finânsjes.

Wytse: *(yn himsels)* Wêr oars yn, by sa'n oppoetste opskepper.

Gryt: Ik hoopje foar jo, dat jo ea de geskikte frou noch ris tsjinkomme.

Felix: *(suchtet)* Ach it goede leit faaks flakby.

Wytse: *(yn himsels)* En hopelik klaait se him dan fuort út.

Felix: Jo bedoele, menhear Wytsma?

Wytse: Ik sei: fan âlde klean makket m'n faaks de moaiste tinte.

Felix: *(bewûnderjend)* Mar menhear Wytsma, jo binne in wiere poëet.

Wytse: *(giet lilk stean)* No moatte jo goed lústerje, pensjon gast as net, noch ien sa'n mislédiging en.....

Pake: *(komt links op, nachtklean noch oan, bril op en in pispot yn de hân)* Gryt, wêr moat ik hjir mei hinne?

Gryt: Heit, wy ha gasten.

Pake: Dat wit ik, moat ik it dêr hinne bringe?

Felix: Hahaa, menhear Wytsma senior. Altyd yn foar in grapke.

Gryt: *(jout pake in teken dat hy fuort moat, docht oerdreaun tsjin Felix)* Ja ja, ús heit is in echte komyk. Wy kinne sa mei him laitsje.

Pake: *(tsjin Felix)* Hé ho ris efkes, ha ik jo fannacht net trappearre doe jo út de rookkeamer kamen?

Felix: Rookkeamer? Bêste man, dat moat in misferstân wêze. 's Nachts hâld ik altyd myn saneamde "beauty sleep".

Gryt: *(triuwt pake nei de húskeamer, links)* Heit, sa kin it wol wer. Kinst ús gasten net samar mislédigje.

Pake: Ik bin dochs seker net damint. *(sa útsprekke)* Hy wie yn de rookkeamer!!

Gryt: Heit, sa kin it wol ta. As menhear de baron yn de rookkeamer wie, dan hie Wytse it ommers wol heart.

Felix: It skynt dat jo heit in bloeiende fantasy hat.

Pake: Wytse? As dy sliept kinst wol in kanon njonken him ôfsjitte, dan wurdt hy noch net wekker.

Gryt: *(twingend)* Heit, ik sei dat it sa wol ta koe.

Pake: Ik sjoch alles en ferjit neat. *(tsjin Gryt)* Mar eh, hasto myn ûnderbroek ek sjoen?

Gryt: Nee heit. *(triuwt him ôf)*

Pake: *(giet ôf mei de pispot en praat yn himsels)* Mar dochs wie hy yn de rookkeamer. Ik sykje dit út, der is wat mei dy fint.

Gryt: Nim my net kwea ôf menhear de baron.

Felix: Ach kom, sa slim is dat net. Ik woe trouwens efkes freegje nei it moarnsiten.....

Gryt: Ik bring it fuortdaliks nei jo keamer.

Wytse: Nei syn keamer?

Felix: Graach ja. En nim dan asjebleaft ek in fleske sjampanje mei.

Gryt: Sa as jo wolle menhear de baron.

Felix: En twa glêzen, ik bin echt yn in sjampanjebui. *(giet rjochts ôf)*

Wytse: Sûnt wannear ha wy hjir "room servies".

Gryt: Dêr kinsto in foarbyld oan nimme. Wannear hasto my de lêste kear iten op bêd brocht?

Wytse: Ik hâld net fan krommels yn myn bêd.

Gryt: Do bist net romantysk.

Wytse: As tinksto miskien dat ik net wit foar wa dat twadde glês is?

Gryt: (*ûnskuldich*) Aha, en foar wa dan?

Wytse: Dat witsto bêst.

Gryt: (*rommet de tafel ôf*) Bisto jaloersk?

Wytse: Ikke? Jaloersk? Op dy sjerpslikerige ûnbenul? Heechút in domme guos falt foar syn glêde praatsjes.

Gryt: Ik sil dyn koffer pakke en dan meitsje ik it moarnsiten foar de baron klear. Miskien dat dizze domme guos dan wol in moaie swan wurdt. (*jout in tút op de roas, giet links ôf*)

Wytse: Ik draai dy fint troch de gehakmûne en dan hingje ik him as in aadlike droege woarst yn de rookkeamer. (*ropt Gryt nei*) Sjoch mar út, aanstons wurdt dizze guos fuort plukt.

Jetse: (*stekt syn holle om de doar*) Kin in minske yn dit hûs dan nea réstich sliepe..... (*Wytse lûkt in skoech út en goait him nei Jetse*) Wêr yn de goede ha ik sokke âlders oan fertsjinne? Moarn gean ik fuort. (*hy sjocht dat Wytse de oare skoech ek goaie sil en lûkt dan hurd de doar ticht*)

Wytse: (*docht skyn skuon wer oan*) Wachtsje jim mar ôf, noch efkes dan waait hjir in hiel oare wyn.....

Kees: (*komt fan rjochtsefter mei de holle om de doar, hy hat in koffer yn de hân*) Is it feilich, kin ik der yn komme?

Wytse: Jawol, kom mar.

Kees: (*komt op en set syn koffer del*) Wat tinkst, soe it ús slagje? (*giet sitten*)

Wytse: Asto gjin fouten makkest, dan slagget it ús grif. Hast alles ynpakt?

Kees: Fansels. Mar sa makkelijk gie dat net, want Hil woe beslist sels de koffer ynpakke. Mar doe se efkes nei de winkel moast ha ik der gau sels it ien en oar ynstoppe. Hopelik falt it net op.

Wytse: Sit dêr mar net oer yn. Froulju ha safolle guod yn de kast hingen, se witte sels net iens wat se allegear ha. Fandêr ek dat ivige gejammer: "ik ha neat om oan te lûken".

Kees: Mar it sit my net sa lekker Wytse, as Hil hjir efter komt kin ik it wol skodzje.

Wytse: Man, der kin hielendal neat ferkeard gean. Wy dogge gewoan my oan in oerlibbingstraining, om ús selsbyld wat op te fizeljen.

Kees: Kin men dan ek wat opfizelje wat men net hat?

Wytse: Wy geane ommers net nei dy training. Dat soe ik net iens

oerlibje. Mar sa binne wy wol ûnberikber foar de froulju. Gjinn adres, gjinn tillefoannûmer, neat, snapst?

Kees: Oh sa. Ja ja, fansels.

Wytse: Sjoch en dat is no krekt it moaie fan dit plan. Gryt tinkt dat ik earne mei it swit op de kop yn ien as oar bosk omrin, wylst ik yn werklikheid har hjir yn de gaten hâld.

Kees: En dat alles fanwegen dy baron Felix. Earlik sein fyn ik it wol in bytsje.....

Gryt: (*komt links op mei in koffer*) Sa, hjir is dyn koffer. Ha, Kees, bist der ek al. En, sjochst der al nei út, om te oerlibjen op wjirms, krobben en oar ûngedierte?

Kees: Ajak.....eh, fansels. Mei wat jittek, piper en sâlt binne it wiere lekkernijen.

Gryt: No ja, it is ek net sa slim as jimme wat slanker werom komme.

Wytse: (*tsjin Gryt*) Oh ja, foar ik it ferjit. De boargemaster hat my warskôge, dy fint fan de sedeplysje is ek wer op 'n paad om de pensjons te kontrolearjen. Anonym.

Kees: Toe mar. Mar wêrom?

Wytse: No der binne pensjons, dy ha de namme wol, mar einliks dogge se dêr hiel wat oars.

Kees: Do mienst it! En wat dogge se dêr dan?

Wytse: Nee hê, bist no sa traach fan begryp, as dochst it derom. (*sarkastysk*) Miskien hâlde se dêr wol swimwedstriden.

Kees: Swimwedstriden? Yn in pensjon?

Gryt: Tsjonge, kontrôle, dat kin der ek noch wol by. Miskien kinst dochs better thúsbluwe Wytse?

Kees: Ûnmooglik. Wy moatte oan dy oerlibbingstraining meidwaan. En dêr pluksto de fruchten ek fan.

Gryt: Ik?

Kees: Dat is dochs logysk. Krigest ommers in hiel oare man werom.

Gryt: (*tsjin Wytse*) Hoesa? As komst sels net werom?

Wytse: Fansels kom ik werom. Mar dan wol hurde, sa taai as klaai en sa sterk as in, in.....

Kees: As in okse....

Gryt: (*hiel kalm*) Oh, dus alles bliuwt by it âlde. Sa no moat ik de baron it moarnsiten op syn keamer bringe. (*giet links efter ôf, nei de keuken*)

Kees: Moarnsiten op de keamer?

Wytse: No hasto it sels heart. Dit kloppet net. Mar ik kom der noch wol efter.

Kees: It is yndie wol frjemd dat sa'n fint hjir al in wike omhúsmannet. Ik bedoel, in echte baron sit meastentiids net yn sa'n skytpensjontsje as dit. Dy wit wol better.

Wytse: Dat sis ik, dit kloppet net.

Kees: Alhoewol, miskien wol hy hjir in bytsje bykomme fan syn baronnenbestean. It liket my ek neat eltse dei kaviaar en sjampanje tusken dy ôftakele baronessen....

Gryt: *(komt op út de keuken, blêd mei moarnsiten en in flesse sjampanje)* Wytse, der stiet no noch mar ien flesse sjampanje. Tinkst der mei om, dat wy nije bestelle. *(by de doar)* En as ik dy net mear sjoch: oant nije wike. *(giet rjochts ôf)*

Kees: Sjampanje op bêd? Ik leau wrammels datsto gelyk hast.

Wytse: Ik ha altyd gelyk. Mar lústerje, do pakst no myn koffer en giest nei de stêd. Der sit genôch rêding yn foar acht dagen.

Kees: En wat doch ik dêr salang?

Wytse: Fan it libben genietsje man. Ik ha dêr in earste klas hotel foar dy regele. Ús boargemaster hat it mysels oan rekommandearre. Kinst neigean. Ik fûn it allinne frjemd dat se mei fregen as ik de keamer foar in oere hiere woe as foar in dei.

Kees: En wat dochsto yn de tuskentiid?

Wytse: Ik ferklaai my mei guod út dyn koffer en dan hier ik in keamer yn myn eigen pensjon.

Kees: En do tinkst dat Gryt dy dan net werkent?

Wytse: Sit dêr mar net oer yn. Ik ha froeger toanielspile, ik wit wol hoe ik in oar spylje moat.

Kees: En do betellest myn hiele ferbliuw yn dat hotel?

Wytse: Fansels, dat ha wy ommers ôfpraat.

Kees: No, dan nim ik it der lekker fan. Mar wêr silsto dy ferklaaie?

Wytse: Yn myn hobbyhokje, efter yn de skuorre. Wat seist, sille wy.

Kees: Jawis, alle macht oan de mannen!

Wytse: Lit dyn frou it mar net hearre. *(beide mannen geane rjochts efter ôf, elts mei de koffer fan de oar)*

Pake: *(komt links op, klean oan mar op sokken. Yn ien sok sit in grut gat. Hy hat in itenspanne yn de hân, mei it deksel der op)* Gryt, wat ite wy hjoed? Gryt? *(set de panne op de tafel)* Jo moatte yn dizze rotsoai werkelijk oeral sels omtinke. *(tinkt nei)* Ik moat earst de woarsten yn de rookkeamer mar efkes telle en dan de ham. Mar ik moast ek noch wat oars. *(besjocht himsels, tilt de foet my de stikken sok op)* O ja, no wit ik it wer. Ik moat de neiels fan myn tiennen noch knippe. *(giet ôf nei de rookkeamer)*

Hillie: *(komt op fan rjochts efter, in skelk foar en in dûkje om de holle)* Gryt? *(bytsje lûder)* Gryhyt? *(wachtet)* Net ien thús en it skynt dat de mannen ek al fuort binne. *(giet mei har finger oer in kast)* No, hjir mei ek wol ris wat gebeure. *(tilt it deksel fan de panne)* Wat sille wy no ha? *(hellet in pear galgen út de panne, sjocht fiis)* Ajakkes! *(leit se*

werom) Neffens my krije se hjoed spaghetti, nei eigen resept.

Gryt: *(komt sjongend fan rjochts op, sjampanjeglês yn de hân)* “Ik bring dy in roaske myn roaske.....” *(nei “ik breng je een roosje mijn roosje”, sjocht Hillie)* Hè Hillie, wat dochsto hjir?

Hillie: Ik woe efkes sjen as de mannen al fuort wienen.

Gryt: Dy wienen sa hastich. Wytse hat sels syn eigen koffer ynpakt.

Hillie: Kees ek. Ik wit net iens wat hy meinaam hat. Sa goed as ik sjen koe lei al syn klean noch yn de kast.

Gryt: *(laket)* No ja, yn de rimboe ha se ek net folle mear nedich as in dûkje om de middel. *(gniffelje beide)*

Hillie: Ik kin my trouwens net foarstelle dat Kees soks moai fynt. Mar ja, it komt my wol goed út. Kin ik it hûs efkes in goeie beurt jaan. In man rint dy dêrby ek allinne mar foar de fuotten.

Gryt: Dat is wier. Mar ik ha juster alles noch goed ûnder hannen naam.

Hillie: *(besjocht har fingers)* Ja, dat kinst sjen. Alles picobello.

Gryt: Poeh, ik leau dat de sjampanje mei wat nei de holle sjit.

Hillie: Sjampanje? Toe mar. As de wrâld dan dochs fergean moat, dan mar yn styl.

Pake: *(komt op út de rookkeamer, in woarst heal út de bûse)* Ha Gryt, ik socht dy. Wannear krije wy hjir einliks wat te iten?

Gryt: Heit, wy ite altyd om healwei ienen, dat wit heit dochs wol.

Pake: Healwei ienen pas? Salang kin ik net wachtsje, aanst stjer ik noch in hongerdea.

Hillie: Ik hear it wol, it is hjir krekt as by ús.

Gryt: En hoe rint heit der no wer by?

Pake: Ja, ik ha ommers neat oars. Al myn oare klean ha jim yn in sék dien en by de doar set foar de tredde wrâld. En hasto myn galgen ek sjoen? Neffens my binne se fannacht stellen.

Gryt: Heit, in dit hûs stelle se net!!!

Hillie: *(hellet se út de panne)* Bin dit se miskien!

Gryt: *(sjocht omheech)* Nee hèn, it is net wier.

Pake: *(pakt de galgen)* O nee, wurdt hjir net stellen? *(tsjin Gryt)* En wat is dit dan! *(doelt op Hillie)* Sy soe der krekt fantroch myn de panne en myn galgen. Dat seachst dochs wol.

Gryt: *(wanhopich)* Nim my net kwea ôf Hillie.

Hillie: Hindert neat fanke, ik kin it ommers. Ferline wike noch, doe hat ús heit alle ruten swart farve. Hy woe sjen hoe in sinnefertsjustering der fan binnen útseach.

Gryt: Heit, wat docht dy woarst dêr yn de bûse?

Pake: Wat woarst? Oh, dizze. *(rint nei links)* Wit ik net, is der fêst fansels ynkrûpt. *(links ôf)*

Gryt: It duorret net lang mear, dan kinne se my wol nei in ynrjochting

bringe.

Hillie: Hoe âlder de mannen, hoe mear se op lytse bern begjinne te lykjen. Einliks soe der in tsjinst wêze moatte dy at se mei harren fyftichste ophellet. Krekt as it âld papier. Ek dy twa omkoallen fan ús.

Gryt: (*sjocht nei de doar rjochts*) Mar der binne ek noch wol sjarmante en opmerksume mannen.

Hillie: Fansels, mar net by ús. Nee, kinst echt sjen dat dy fan Bokito ôfstamme.

Gryt: (*docht in aap nei, hannen krûm, klaut harsels*) Is hjir noch wat te fretten? Ik ferrek fan de toast.

Pake: (*komt links op*) Dat woe ik ek noch freegje, wat ite wy hjoed? Ik ha hunger.

Hillie: (*laitsjend tsjin Gryt*) Dyn aapke wol iten ha.

Gryt: (*laitsjend tsjin pake*) Pluk mar in pear bananen.

Hillie: Ik tink net datsto dy âld aap noch yn in beam krigest.

Gryt: Miskien goait Cheetah wol in pear kokosnuten nei ûnderen. (*beide laitsje*)

Pake: Gryt, hast oan de drank sitten?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto